

Y N F O R M A A S J E M A P – 2020

YNHÂLD:

| | |
|--|----|
| IT FRYSK BOUN OM UTENS | 3 |
| Wat is en docht it Boun | 3 |
| It bestjoer fan it Boun | 5 |
| Funksjes bestjoersleden:..... | 5 |
| Eareleden fan it Boun..... | 6 |
| Sintrale aktiviteiten fan it Boun | 6 |
| It Selskip 1844 | 8 |
| Haadbestjoer fan it Selskip..... | 8 |
| Belied, aktiviteiten en projekten fan it Selskip en de oansletten Kritten..... | 8 |
| De Kritten fan it Selskip | 8 |
| Deistige bestjoersleden en redaksjes..... | 9 |
| Krite bûten Fryslân en net oansluten by it Boun..... | 11 |
| SJONGKOAREN | 12 |
| TOANIELPLOEGEN fan de Kritten fan it Boun | 12 |
| STÛDZJE- EN LÊSRÛNTEN | 12 |
| Boekferkeapers fan boeken..... | 13 |
| OPRJOCHTINGSJIERREN fan de KRITEN | 13 |
| OMROP FRYSLAN. | 13 |
| AFUK en LESJOUWERS..... | 14 |
| UNIVERSITER UNDERWIIS | 15 |
| STUDINTEFERIENINGS | 19 |
| EARNST en FERTIER..... | 20 |
| FILM EN VIDEO | 21 |
| FOARGONGERS..... | 21 |
| FOLKSMUZYK..... | 22 |
| KABARET en KLIENKEUNST | 23 |
| MUZYKBANDS..... | 24 |
| SPREKKERS..... | 25 |

Mienskiplike útjefte
fan

IT FRYSK BOUN OM UTENS
en
IT SELSKIP FOAR
FRYSKE TÆL EN SKRIFTEKENNISSE



wolkom op it webstek

www.fryskbutenfryslan.frl

mei bydragen fan de Kriten fan it Boun



IT FRYSK BOUN OM UTENS

Wat is en docht it Boun

It Frysk Boun om Utens - fierder neamd It Boun - is de lanlike oerkoepeling fan 16 Fryske Kritten bûten Fryslân mei likernôch 2000 leden.

It Boun hat neffens it karbrief as **doelstelling**:

- A. in bân te lizzen tusken de Friezen bûten Fryslân en by harren it Fryske folkskarakter yn al syn uterings, benammen yn de taal, te bewarjen en te befoarderjen;
- B. by oaren as Friezen, niget oan en begryp te bringen foar Fryslân, de Fryske taal, kultuer en skiednis.

It Boun docht soks ûnder oaren troch:

1. it oppakken fan gruttere saken, dy't de Kritten op harsels net of minder maklik regelje kinne, lyk as:
 - a. it om de fiif jier organisearjen fan in **Friezedei**,
 - b. it stimulearjen en de koördinaasje fan **kursussen Frysk** om utens,
 - c. lizzen fan **kontakten** en **oerlis** oer útstallings en útfierings dy't foar gâns bûtenkritten nijsgjirrich binne.
2. kontakten te lizzen en te ûnderhâlden mei ynstânsjes yn en bûten Fryslân oer de Fryske taal en it brûken dêrfan yn de media, sa as mei:
 - a. de Ministearjes;
 - b. de ûnderskate politike fraksjes yn it parlemint;
 - c. de provinsjale oerheid (b.g. it peridyk bestjoerlik oerlis fan foarsitter en deistich bestjoer mei de deputearre foar kultuer fan de provinsje Fryslân);
 - d. de Fryske Akademy;
 - e. Tresoar;
 - f. Keunstwurk;
 - g. de parse (Ljouwerter Krante en Frysk Deiblêd).
3. de befoardering fan it ûnderwiis yn 'e eigen taal yn alle foarmen fan it ûnderwiis;
4. it fuortsterkjen fan it toaniel en oare uterings fan kritelibben om soks op in sa heech mooglik nivo te krijen. Dat uteret him yn:
 - a. it hâlden fan toanielkrigen en festivals (bygelyks it ienaktersfestival),
 - b. it yn ferbân dêrmei oplieden fan karmasters,
 - c. it hâlden fan toanielstúdzjedagen en sa mooglik wykeinen,
 - d. it befoarderjen fan toanielútwikselingen tusken de kritten,
 - e. it hâlden fan in koarefestival en (folks)dûnsfestival,
 - f. it stimulearjen fan stúdzjerûnten, literêre jûnen, jûnen mei gastsprekkers
 - g. it ûnder elkoar útwikseljen fan gegevens oer toanielfoarstellings, ensafierder;
 - h. it organisearjen fan op it kritewurk rjochte kader/stúdzjedagen ta stipe fan it bestjoerswurk en algemiene foarming oer skiednis, kultuer, nije ûntwikkelings, ensafierder
 - i. it útwikseljen fan ynformaasje tusken de kritten mei:

1. it útbringen en byhâlden fan in **Ynformaasjemap** mei ynformaasje oer kursussen, toanielsaken, ferdivedaasje mooglikheden, adressen, en oare min of mear fêste gegevens. It is in mienskiplike útjefte fan it Boun en it Selskip.
 2. it webstek www.fryskbutenfryslan.frl mei aktuele ynformaasje fan en út it haadbestjoer fan it Boun yn gearwurking mei de hear Jan Bijkerk fan de Krite Sékrite út Lelystêd.
 3. de Bounsbrieff en/of in omskriuwen foar tuskentiidske saken oan de Bounskriten.
 4. it AMBYLD mei ynformaasje foar de jierlikse Algemiene Gearkomste fan de Bounskriten en harren leden.
5. fia syn fertsjintwurdigers mei te praten/tinken yn ûnderskate organisaasjes oer saken dy't mei it Frysk en/of Fryslân te krijen hawwe.
- It Boun is sa fertsjintwurdige yn:
- a. **De Ried fan de Fryske Beweging** (in ferbân fan minsken, selskippen en organisaasjes dat him ynset foar de Fryske taal en kultuer en de Fryske belangen yn it algemien), fia de Ried wer yn de Stifting It Fryslân hûs
 - b. de advysried fan de **AFÛK** (Algemiene Fryske Underrjochtkommisje), dy't rûnom kursussen Frysk fersoarget en fierder in útjouwerij en it Stipepunt Frysk binnendoarren hat
 - c. **IFAT** (= It Frysk Amateur Toaniel, IFAT is it oerkoepeljend orgaan foar Frysktalich Amateurtoaniel yn Nederlân en dêrmei de lanlike belangenbehertiger fan en foar selskippen yn en bûten Fryslân (de NVA en Theaterwerk binne dat foar it Nederlânstalich amateurtoaniel)
IFAT is it oerkoepeljend orgaan fan selskippen/kriten oansletten by:
 - **STAF** (Stichting Amateurtoaniel Fryslân)
 - **It Frysk Boun om Utens**, foar Frysktalich toaniel bûten Fryslân
 - **It Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse**.
 IFAT kriget sûnt 1953 lanlike subsydzje en sûnt 2002 yn it ramt fan de Bestjoersôfspraak "Friese Taal en Cultuur"
6. syn funksje as it oansprekpunt foar de Friezen om utens en foar de ûnderskate oerheden en oare ynstânsjes. It Boun kin dêrom foar wichtige saken der by helle wurde.
 7. it bieden fan in lanlik ramt foar it kritewurk is fakentiids in betingst om foar guon subsydzjes yn 'e beneaming te kommen.
 8. In lanlik gearwurkingsferbân kin in positive ynfloed ha op de Fryslân-promoasje fan spesifyk Fryske dingen, sa as it keatsen, skûtsjesilen, fierljeppen, aaisykjen, ensafierder. De Bounskriten hawwe dêrby in ambassadeursfunksje.
 9. Gelegenheden te skeppen foar de bûtenfriezen om harren krêften te bondeljen en mei-inoar op te arbeidzjen en ûnderling kontakten te lizzen, te ûnderhâlden en te ferdjipjen. Dat lêste safolle mooglik ek mei de ûnderskate Fryske Studinteferienings.
 10. Harmonisearring fan de betingsten fan tagong ta Kritejûnen foar leden fan oare Kriten en it ûntwikkeljen fan sintrale aktiviteiten.

It bestjoer fan it Boun

| | |
|-----------------|---|
| Foarsitter | Jan Bijkerk, foarsitter_fbou@fryskbutenfryslan.frl |
| Skriuwer | Kees van der Beek, skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl |
| Twadde skriuwer | Gerrit Stegenga, gerrit.stegenga@planet.nl |
| Ponghâlder | Jan Vogel, Yellowbirds53@gmail.com |
| Lid | Hylke de Haan, hylke_de_haan@hotmail.com |
| Lid | Pietie Westdijk-Kaastra, pcwestdijk@planet.nl |

*As jo jild oermeitsje wolle nei it Boun, dan kin dat op namme fan:
It Frysk Boun om Utens; NL 94 INGB 0000320077 .*

Funksjes bestjoersleden:

| | | |
|--------------------|-------------|---|
| Jan Bijkerk, | foarsitter | <ul style="list-style-type: none"> ▪ Organisaasje Moetings- en Ynspiraasjedei mei de skriuwer ▪ kontakten mei eareleden en studinteferienings ▪ oerlis mei de koördinaasje Sintrale Boekferkeap ▪ bestjoerslid IFAT ▪ webside byhâlde mei skriuwer ▪ kontaktpersoan foar de kriteren: De Haach, Utert, Assen |
| Kees v.d.Beek | skriuwer | <ul style="list-style-type: none"> ▪ Bestjoersgearkomsten tariede ▪ Algemiene Gearkomste tariede ▪ einferantwurdlik foar Ambyld ▪ omskriuwen (post of e-mail) nei kriteren ▪ oarkondes yn foarried ▪ webstek mutaasjes mei foarsitter ▪ Moetings- en Ynspiraasjedei: organisaasje en kontakten mei sprekkers/ynlieders ▪ Fertsjintwurdige nei de Ried fan de Fryske Beweging ▪ Ynformaasjemap en wat der mei gearhinget byhâlde ▪ Kontaktpersoan foar de kriteren: Swol, en Súdeast Drinte |
| Jan Vogel | pongghâlder | <ul style="list-style-type: none"> ▪ jildbehear, boekhâlding fan It Boun ▪ administraasje lede-adressen ▪ Moetings-en Ynspiraasjedei: finansjele saken ▪ Kontaktpersoan SBF ▪ Behear boek "Friezen yn 'e Frjemdte" ▪ Kontaktpesoan foar de kriteren: Lelystêd, De Helder, Roan |
| Gerrit Stegenga | 2e skriuwer | <ul style="list-style-type: none"> ▪ ferslachjouwing bestjoersgearkomsten ▪ ferslachjouwing algemiene gearkomsten ▪ kontaktpersoan foar de kriteren: Twente, Meppel, Arnhem |

| | | |
|-------------------------|---------------------------|--|
| Hylke de Haan | algemien | <ul style="list-style-type: none">▪ kontaktpersoan foar de kriterien: Seist, Hoarn, Boadegraven |
| Pietie Westdijk | algemien | <ul style="list-style-type: none">▪ kontakten ûnderhâlde mei de kriterien en redaksjes fan de kritekrantsjes▪ toanielsaken▪ bestjoerslid IFAT▪ kontaktpersoan foar de kriterien: Hurderwyk, Hilversum, Apeldoarn |
| JanPiet Bergmans | net yn it bestjoer | *Mediasaken |
| Hâns Dijk | net yn it bestjoer | *Fertsjintwurdige nei it IFAT |

Eareleden fan it Boun

Klaas Bos, Lexmond

Stoffel Haagsma, De Gordyk

Hinke Hofman, Diever

E. (Betty) van der Schaaf-Plaat, Leiden

Sjoerd D A Bakker, Dalfsen

Hâns Weijer, Appelskea

Hâns Dijk, Boadegraven



Sintrale aktiviteiten fan it Boun

Webstek fan it Boun (en dêrmei fan de Kritten)

It Boun hat in webstek yn de loft. De webmaster is Jan Bijkerk yn gearwurking mei Kees van der Beek. Foar mail nei de webredaksje: webredaksje@fryskbutenfryslan.frl of skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl
Kom op ús en jimme **webstek**: www.fryskbutenfryslan.frl mei de lêste ynformaasje.

Kursussen Frysk

Yn gearwurking mei de Afûk hat it Boun syn skouders der ûnder set om de kursussen oer de Fryske taal by syn leden ûnder de oandacht te bringen. Fanút it Boun stypje wy Friezen om Utens om Fryske taalkursussen te folgjen fia Edufrysk, de digitale learomjouwing fan de AFUK. Hjir binne ferskillende pakketten dêr't jo online mei leare kinne. Dat kin as jo in kursus folgje, dan fine jo alle materialen út it boek, mar ek hûnderten teksten, lieten, fideo's, ynteraktive oefeningen en edukative games dêr't jo it Frysk mei leare kinne.

Wannear't jo net yn 'e gelegenheid binne om in kursus yn groepsferbân te folgjen kinne jo ek mei edu-Frysk oan 'e slach.

It is ek it platfoarm foar de adaptive game "Taalreis troch Europa".

Sjoch foar mear ynformaasje oer de mooglikheden op <http://kursus.afuk.nl>

Toanielkriich

It Boun stiet efter it hâlden fan in toanielkriich dy't iepen stiet foar alle toanielploegen fan de Kritten dy't by it Boun oansluten binne. De kriichlied is fakant.

Toanielstúdzjedagen

Mei de Moetings- en Ynspiraasjedei, dy't no treie kear west hat, stiet ien dei-diel yn it teken fan Toanielstúdzje.

Unifoarme lidmaatskipkaarten

It Boun stimulearret dat de leden fan de oansletten Kritten op deselde betingsten as de eigen leden tagong hawwe ta inoars Kritejûnen. Dêrta soarget it Boun foar unifoarme lidmaatskipkaarten.

Elts jier krije de measte Kritten in steapeltsje lidmaatskipkaarten.

De skriuwer fan it bestjoer fan it Boun hat prachtige oarkonden yn foarrie. Der binne sa folle minsken dy't krewearre ha foar de Krites of it Boun of dat noch dogge, dy't sa'n oarkonde fertsjinje.....



It Selskip 1844

De skiednis fan it Selskip giet tebek oant 1844. De haadreden foar it oprjochtsjen is lein yn it opkommen en útkommen **foar de eigen taal**.

It Selskip hat ta doel it fuortsterkjen fan de Frysk taal en it Frysk eigene yn al syn uteringen.

It Selskip oerkoepelt yn Fryslân de Kritten fan Easterwâlde, Hearrenfean, Drachten en Trynwâlden, mei-elkoar sa wat 750 kriteleden. It bestjoer wurdt foarme troch in ôffurdiger fan eltse oansletten Kritten.

Haadbestjoer fan it Selskip

| | |
|-----------------|---|
| Foarsitter | Hear Andries W. Wijbenga, 0511-431207, a.w.wijbenga@hetnet.nl |
| Skriuwer | G.J. Frieswijk, g.frieswijk7@upcmail.nl |
| Skathâlder | Tineke van der Woude-van der Schaaf, |
| Korrespondinsje | Moezel 222, 9204 EM Drachten Til. 0512 – 510836 e-post: selskip1844@gmail.com |

Kontaktadres fan it Selskip:

Hear Andries W. Wijbenga, 0511-43 12 07, a.w.wijbenga@hetnet.nl

Belied, aktiviteiten en projekten fan it Selskip en de oansletten Kritten

Yntern wurdt yn it Selskip in protte tiid stutsen yn binning en belangenbehertiging: ynformaasje en diskusje op de Algemiene Gearkomsten oer belied, elts jier is de rûnte “op besite by de Krite”, der wurdt foar soarge dat de Kritten elkoars nije winterprogram krije.

Provinsjaal projekt, foarlêze yn it Frysk oan pjutten

Nei bûten ta proflearret it Selskip har doelstelling *Tael en Skriftekennisse* troch it organisearjen, yn ‘e mande mei de Tomke-wurkgroep, fan **de Frysk Foarlêswike**.

It Provinsjaal Projekt lêze en foarlêze oan pjutten wurdt gemeentlik oppakt mei help fan sa’n 50 kontaktpersoanen. Troch in 500 foarlêzers en in 550 gastâlders wurdt foarlêzen oan in 12.500 pjutten.

Jierliks wurde troch dit projekt in 18.000 Tomke-boekjes te plak brocht.

De Kritten fan it Selskip

Jierliks organisearje de Kritten in grut tal aktiviteiten, de measte dêrfan fine plak yn it winterskoft.

It winterprogramma fan de Kritten omfiemet in breed skala oan aktiviteiten:

literêre jûnen, boekbesprekkings sawol mei de skriuwers sels as ek lêzings oer skiednis, buorkerijen, plak- en eigen nammen, skûtsjes, belsliden en sa mear, kofjemoarnen mei klassike muzyk, in troubadoer, folksmuzyk, toanieljûnen, kabaret en ekskursjes. Fansels is der romte foar ferdivedaasje.

Fierders binne by de Kritten aktiviteiten sa as dûnsploech, koar en toanielspyljen.

Nijs fan it Selskip kinne jo fine op de hiemside fan it FBoU, it Frysk Boun om Utens: www.fryskbutenfryslan.frl

It Selskip is oansluten by de Ried fan de Frysk Beweging en IFAT, It Frysk Amateurtoaniel, de lânlike organisaasje foar Frysktalich amateurtoaniel.

Kommisje Foarlêzen fan it Selskip

Foarsitter: **Mefrou Geeske J. Frieswijk**
Skriuwwurk: **Mefrou Joukjen van den Berg**
Administraasje: **Mefrou Tineke van der Woude – van der Schaaf**
Mailadres Kommisje Foarlêzen: foarleswike@gmail.com
Fergees in moaie kleurplaat? www.tomke.nl

KRITEN FAN IT SELSKIP

Bestjoer Fryske krite Drachten

Jean Veenstra (foarsitter), info@kunstuitleen-veenstra.nl
Anneke Annema (skathâlder), annekeannema@hotmail.com

Bestjoer Fryske krite Easterwâlde

| | |
|--|--|
| Anne Veenstra (foarsitter) veenstraanne@planet.nl | Tryntsje van Berkum – de Boer (skriuwer) tberkboer@quicknet.nl |
| Gerda Schuiling – van der Meer (2 ^e skr.) Gerda.schuiling@icloud.com | Jan Kort (skathâlder) jennyprins@hetnet.nl |
| Jantsje Middel – Seinstra (lid) | |

Bestjoer Fryske krite Trynwâlden

| | |
|---|---|
| Baukje de Vries – Zijlstra (foarsitter) b.devrieszijlstra@hetnet.nl | Hedwig de Roos (skriuwer) hderoos@cartwin.nl |
| Uilke Bakker (skathâlder) bakker.accountant.oenkerk@planet.nl | Paulus Hettinga (2 ^{de} skath.+omtinker) paulushettinga1@gmail.com |
| Pyt Jon Sikkema pyt.jon@hetnet.nl | Baukje Siebenga – van der Zee blierherne@upcmail.nl |
| e-post krite: krite.trynwalden@gmail.com | |

KRITEN FAN IT BOUN

Deistige bestjoersleden en redaksjes

Apeldoarn, FIER FAN HUS

Foarsitter: Henk de Boer, henkank-deboer48@kpnmail.nl
Skriuwer: fakant, fierfanhus.apeldoorn@gmail.com
Ponghâlder: Sikke Klaver, sifo@kpnmail.nl
Redaksje: **Ut 'e Pinne** - Theun Ruim, ruim.the@upcmail.nl

Arnhem, DR. EELTSJE HALBERTSMA

Krite is opheft, stúdzjerûnte mei deselde namme giet fierder.
Kontaktpersoanen: Obe Posthumus, Middachtensingel 111, 6825 HK Arnhem; 026-3615565
Foarsitter: Harm Frizo, harmenfrizo@gmail.com
Skriuwer: Gerard Hoekema, grhoekema@telfort.nl

Assen, US MEMMETAAL

Foarsitter: Teatske Haanstra-Bosma, teabosma@hetnet.nl
Skriuwer: Hans Groenhof, hansenmetje@home.nl
Ponghâlder: Piet Boelens, pboelens@ziggo.nl
Ieden: Metje Groenhof, Sjoege Wiersma en Rennie Monsma,
Redaksje: Jan Toering, korreksje en oersetwurk
Anje Hoogland, anjehoogland50@hotmail.com

Boadegraven, FIER FAN HUS

Foarsitter: Hans Dijk, hanshenny.dyk@ziggo.nl (tydlik: Klaasje de Vries-Suurd)
Skriuwer: Tini Broere-Tiesinga, fryske.krite.boadegraven@gmail.com
Ponghâlder: Theo Schiere, z.schiere@kpnplanet.nl
Redaksje: N. Woudstra, nicowoudstra@planet.nl
Webstek: www.fierfanhus.com Arianne Sprokkerieft

De Haach, RJUCHT EN SLJUCHT

Foarsitter: Tjomme Bleeker; tjommebleeker@yahoo.com
Skriuwer: Sandra Bonnema, ynfo.rjuchtensljucht@gmail.com
Ponghâlder: Jan Boomgaardt; Jan.boomgaardt@planet.nl
e-mail krite: ynfo.rjuchtensljucht@gmail.com
webside: www.fryskekritedehaach.nl

Hilversum, FRYSK EN FRIJ

Foarsitter: Jan Kooistra, gurbe@xmsnet.nl
Skriuwer: Alie R. Koopmans-Nieuwland, kritehilversum@gmail.com
Ponghâlder: Jan Koopmans, sjoch skriuwer
Redaksje: **De Tille** - sjoch foarsitter

Hoarn, TROCH DE TAEI FORBOUN

Foarsitter: Tiny Dijkstra-de Vries, ak.dijkstra@quicknet.nl
Skriuwer: Jan Vogel, yellowbirds53@gmail.com
Ponghâlder: P. Slange, pslange@icloud.com
Redaksje: **Troch de tael Forboun** - Marinus Leenstra, m.g.leenstra@kpnmail.nl

Hurderwyk, MEI INOAR IEN

Foarsitter: Grytsje Assies, grietje.assies@gmail.com
Skriuwer: Kees en Siska van der Beek, savanderbeek@gmail.com
Ponghâlder: Durk Reitsma, dreits@caiway.nl
Redaksje: **Kritenijs** - sjoch skriuwers

TWINTE, FREONEN FRYSKY KULTUER

Foarsitter: Siebe Hiemstra, totzondag@gmail.com
Skriuwer: Auke Hoekstra, a.hoekstra1@lijbrandt.nl
Ponghâlder: fakant
Redaksje: **De Twirre** - Ali Bonhof, lj.bonhof@hotmail.nl

Lelystêd, SÉKRITE FLEVOLÂN

Foarsitter: Jan Bijkerk, sekrite@janbijkerk.nl
 Skriuwer: Luit Dijk, luit.dijk@kpnmail.nl
 Ponghâlder: Jan Koopman; jan@zwanenwater.nl
 Redaksje: **De Sékrite** – Jan en Sjoerdsje Bijkerk

Meppel, WALING DYKSTRA

Foarsitter: Ludzer van der Schors, l.vander.schors@hetnet.nl
 Skriuwer: Romke E. Egbers, walingdykstra@kpnmail.nl
 Ledekontakt-
 adres: Piet Koopmans
 karkommisje: Leny Altena
 Ponghâlder: Edzer Kooistra, edzerkooistra@icloud.com
 Redaksje: **It Kritelûd** – Romke Egbers, walingdykstra@kpnmail.nl

Súdeast-Drinte, SUDEAST-DRINTE

Foarsitter: Greta Vos-Hamstra, gretalammers@hotmail.com
 Skriuwer: Sj. Van der Veen, sjouke.vanderveen@kpnplanet.nl
 Ponghâlder: H.B. Klijnsmâ, harm@klynsma.nl
 Redaksje: **Fryske Krite S-E Drinte** - H.S. Kloosterman, kloosterman.h@xs4all.nl

Swol, FRYSK SELSKIP SWOL

Foarsitter: Jan Bosgraaf, janendjoke@home.nl
 Skriuwer: Jan-Tjerk Kuipers, jantjerkkuipers@gmail.com
 Ponghâlder: Sjoerd Bakker, sdabakker@xs4all.nl
 Redaksje: **Frysk Selskip Swol** - sjoch de foarsitter

Utert/Seist, MEI INOAR IEN

It krite-selskip **"Fryslân"**- Utert en selskip **"Mei Inoar"**- Seist hawwe de lapen gearsmiten op 18 maaie 2019. Dat kin as in nij begjin sjoen wurde. De situaasje en de aktiviteiten binne fanôf de oprjochtingsdatum (18-05-2019) werjûn.

Foarsitter: Pietie Westdijk-Kaasta, pcwestdijk@planet.nl
 Skriuwer: Jan Piet Bergmans, j.p.bergmans@casema.nl
 Ponghâlder: Jan Roelants, jhw.roelants@online.nl
 Redaksje: **De Kritekoer** - sjoch de skriuwer

Krite bûten Fryslân en net oansluten by it Boun

Roan, Stifting ROAN EN OMKRITEN (likernôch 600 leden)

Wnd.

foarsitter: E. De Boer,
 Skriuwer: Klazina van der Molen-Kampen, gerritenklazina@gmail.com
 Ponghâlder: Jan Postma, jantinekepostma@ziggo.nl

Lid: Dominica Gerlach, gerlach.aartsma@gmail.com

Lid: Cilia van Essen, cahomsma@hotmail.com

SJONGKOAREN

Assen Sjongkoarlieder : Egbert Westra
Optredens: 6 kear foar oaren

Boadegraven “Hofkesjongers”

Sjongkoarlieder: Geeke Sprokkerieft, gsprokkerieft@casema.nl
dirigint: John van Gulik
Optreden: 1 kear yn eigen Fryske tsjerketsjinst

Ynskedee “De Twirresjongers”

Sjongkoarlieder, Hidde Walstra, hidwal@gmail.com
Dirigint Hidde Walstra , hidwal@gmail.com
Optredens: allinnichop eigen kritejunen

Lelystêd “Frysk Sjongkoar Sékrite Lelystêd”

Sjongkoarliederster: Wytske Fransen, wytstra@gmail.com
Dirigint: Jelma Wiegersma , jelmawiegersma@gmail.com
Optreden 2 kear foar oaren

Swol

Sjongkoarlieder: Douwe Boersma, douwe-boersma@home.nl
Dirigint: Jelma Wiegersma , jelmawiegersma@gmail.com
Opmerking: it sjongkoar is folslein selstannich en stiet los fan it Frysk Selskip Swol
Optredens: 4 kear fuort west te sjongen.

TOANIPLOEGEN fan de Krite fan it Boun

Assen Regisseuze Teatske Haanstra-Bosma, teabosma@hetnet.nl
Optreden : 0

STÛDZJE- EN LÊSRÛNTEN

Arnhem 4 kear yn't jier.

Assen Joost de Gruiter, joostdegruiter@online.nl - 5 kear yn't jier

De Haach: Twa rûnten, Jan.boomgaardt@planet.nl

Lelystêd: Luit Dijk, luit.dijk@kpnmail.nl - 3 kear yn't jier

Utert/Seist Nora Koren, norakoren@hotmail.com - 4 kear yn it jier

Soest: Sjoerina van der Zee, sbvanderzee@hotmail.com - 4 kear yn't jier

Swol: Petra Aukema, pe.aukema@hetnet.nl - 5 kear yn't jier

Twinte : Eeke de Boer, kpdeboer@planet.nl - 7 kear yn it jier

Boekferkeapers fan boeken.

| | | |
|-----------------|--------------------------|--|
| Boadegraven: | Jan Buruma | jan.buruma@telfort.nl |
| Hilversum: | Jellie Conradie-Groenhof | jellieconradie@kpnplanet.nl |
| Hurderwyk | Jehannes de Kroon | j.dekroon41@kpnmail.nl |
| Lelysted: | Luit Dijk | luit.dijk@kpnmail.nl |
| Súdeast-Drinte: | Roelie Tuiten | anneroelietuiten@planet.nl |
| Utert?Seist | Jan Piet Bergmans | j.p.bergmans@casema.nl |
| Twinte : | Eeke de Boer | kpdeboer@planet.nl |

OPRJOCHTINGSJIERREN fan de KRITEN

| KRITEN | OPRJOCHTE YN | | 2020 | 2021 | 2022 | 2023 | 2024 |
|----------------|--------------|----------|------|------|------|------|------|
| Swol | 1899 | 8-feb | | | | | 125 |
| De Haach | 1899 | 1-okt | | | | | 125 |
| Apeldoarn | 1901 | 9-dec | | 120 | | | |
| Hoarn | 1911 | 11-nov | | 110 | | | |
| Meppel | 1924 | 24-feb | | | | | 100 |
| Utert/Seist | 2019 | 18-maaie | | | | | 5 |
| Assen | 1930 | 18-dec | 90 | | | | |
| Boadegraven | 1946 | 15-jan | | 75 | | | |
| Hilversum | 1947 | 8-mrt | | | 75 | | |
| Lelystêd | 1971 | 26-nov | | 50 | | | |
| Hurderwyk | 1979 | 8-maaie | | | | | 45 |
| Twente | 1980 | 22-mei | 40 | | | | |
| Sudeast-Drinte | 1994 | 12-apr | | | | | 30 |
| Arnhem | 2008 | 26-mrt | | | | 15 | |

OMROP FRYSLAN.

Omrop Fryslân hat oanjûn dat It Frysk Boun om Utens foar har net mear fan belang is.

Oer programma's sjoch op www.omropfryslan.nl en oanklikke: **Utstjoering**

RADIO

FM en DAB+

Omrop Fryslân Radio stjoert yn Fryslân út op **92.2 FM en 92.5 FM** en yn de noardlike helte fan Nederlân fia digitale radio, **DAB+ kanaal 9D en 6B**. Mei dit nije digitale systeem kinne radiostjoerders sûnder rûs ûntfongen wurde. Om DAB+ ûntfange te kinnen is in nije radio nedich. Sjoch foar mear ynformaasje oer DAB+ op www.digitalradio.nl.

- [Untfangstkaart FM](#)
- [Untfangstkaart DAB+](#)

Kabel

De omrop is ek fia de kabel te beharkjen, sawol analooch as digitaal.

- Ziggo: 90.5 FM of 95.9 FM (digitaal 824 of 1824)
- Kabel Noord: 88.9 FM (digitaal 805)

Online

Omrop Fryslân Radio is ek [live fia ús webside](#) en [ús apps](#) te beharkjen. Hawwe jo in ynternetradio dan fine jo Omrop Fryslân yn de database fan de radio, of brûk de folgjende link: <https://www.omropfryslan.nl/radio.m3u>

Oer ynternet

Omrop Fryslân Radio is oer de hiele wrâld te beharkjen fia ynternet: www.omropfryslan.nl
Frysktalich nijs fanút de hiele wrâld: www.itnijs.nl

Troch de loft

BVN(Beste van Vlaanderen en Nederland, Wrâldomrop, frekwinsje 12574 Mhz, 24 oeren deis, www.bvn.nl)
nimt ek útstjoeringen op fan de regionale stjoerders lyk as Omrop Fryslân Radio.

TELEVYZJE

Omrop Fryslân Telefyzje is yn hiel Fryslân te sjen fia Digtienne (DVB-T) en fia de kabel, sawol analooch as digitaal.

- Ziggo: digitaal op kanaal 30 en 702, analooch op 12 (224,25 MHz) of S15+ (264,00 MHz)
- Kabel Noord: digitaal op kanaal 11, analooch op 50 (703,25 MHz)
- KPN: Kanaal 502

Omrop Fryslân Telefyzje is ek [streekrijocht fia ús webside](#) en [ús apps](#) te besjen.

Satellyt

Omrop Fryslân Telefyzje is ek te ûntfangen fia de ASTRA 3-satellyt. op 23,5 graden East. Dêrfoar hawwe jo wol in skûtel nedich mei dûbele kop (DUO- of Triple-LNB) en sûnt jannewaris 2014 in HD-ûntfanger.

Fan 1 july 2016 ôf is Omrop Fryslân Telefyzje opnaam yn it Basispakket fan CanalDigital en dêrom net mear Free-to-air te ûntfangen. *Mear ynformaasje is te finen op:* canaldigitaal.nl en op omropfryslan.nl/satellyt.

FRYSKE TAAL KURSUSSEN

Yn 2015 /2016 hat der in kursus Frysk yn Utert/Seist west, mei 6 dielnimmers.
Der is ek wol nei frege yn in pear kriteblêden . Op 't stuit rint der gjin kursus.

AFUK en LESJOUWERS

Kriten dy't in kursus Frysk organisearje wolle, kinne harren rjochtsje ta de Afûk.
Freegje nei it tige moai en goed struiblêd. Oanmelding kin barre by de Afûk: 058-2343079,
ynfo@afuk.fr en webstek www.afuk.nl

De Afûk (Algemeene Fryske Underrjocht Kommisje) yn Ljouwert fersoarget alle jierren in grut tal kursussen foar Frysktaligen en net-Frysktaligen yn Fryslân, mar ek dêrbûten.

Om de kursussen yn de regio bekend te meitsjen wurdt faaks in stikje skreaun yn hûs-oan-hûs blêden. Dat hat yn it ferline al de noadige kursisten opsmitten. De Afûk stjoert ek elk jier struiblêden mei ynformaasje nei de skriuwers fan alle Kriten. It kursusjild is sawol yn as bûten Fryslân itselde. Der binne 8 kursisten nedich om tsjin de normale betingsten mei in Afûkkursus útein te setten. Fansels moat, as it om in Afûkkursus giet, de Afûk wol akkoart gean mei de lesjouwer.

Tink der om dat der wisse ôfspraken makke wurde oer de kosten en ferjit benammen de reiskosten net, om earmoede efternei foar te kommen.

As it tal fan 8 kursisten net helle wurdt, dan binne der faaks yn oerlis wol oare mooglikheden.

Afûk hat de folgjende kursussen:

1. **foar Frysktaligen** mei:

Leargong A, B, C en de Afûk-akte. De akte jout tagong ta de learare-oplieding Frysk
Dan binne der ek noch spesjale kursussen (didaktysk foech en offisjeel ferkear)
en koarte kursussen (skriuwen, literatuer, fergrutsjen wurdskat, skiednis)

2. foar **net-Frysktaligen** mei:

Basiskursus, foar mear betûfte kursisten, yntensive kursus, konversaasjekursus en haastkursus.

3. **Edufrysk**, de digitale learomjouwing, bedoeld foar wol en net Frysktaligen. Sjoch www.edufrysk.com

4. foar **spesjalistyske beroppen en roppingen**, lyk as oerheid, dûmny's, ensafierder.

Bûten Fryslân binne ek noch de folgjende lesjouwens oanwêzich

| | | |
|-------------|--------------------|-------------|
| Amsterdam | Jan van Houten | 020-6205742 |
| Assen | J. Toering | |
| Boadegraven | Hâns Dyk | 0172-613143 |
| Eindhoven | Jacobus Q. Smink | 040-2435500 |
| Naaldwijk | Frou Janny vd Veen | 0174-670202 |

UNIVERSITER UNDERWIIS

Ynljochtings by de **Fryske Akademy**,

www.fryske-akademy.nl, ôfdieling Foarsjenning Frysk.

De Fryske Akademy is belutsen by trije universiteiten yn Nederlân:

1. De **Universiteit fan Amsterdam**, Fakulteit van de Geesteswetenschappen, www.uva.nl
2. De **Universiteit van Leiden**, Fakulteit van de Letteren, www.studiegidsen.leidenuniv.nl
3. De **Universiteit van Grins**, Fakulteit der Letteren, www.rug.nl

FRYSKE YNSTÂNSJES EN ORGANISAASJES

Afûk www.afuk.nl en sjoch ek ûnder it haad **TAAL KURSUSSEN**

Alde Fryske Tsjerken, Stichting – Monumentenzorg Friesland

www.aldefrysketsjerken.nl en www.monumentenzorgfryslan.nl

Bibliotheekservice Fryslân

info@bfri.nl

Bûsboekje: webside: www.frysk-busboekje.frl

Foar bestellen bûsboekjes en feroarings: redaksje@busboekje.frl

Cedin Ekspertizesintrum Meartaligens

info@cedin.nl

Feriening Freonen fan Omrop Fryslân,
Sjoch Omrop Fryslân

FFU (Feriening Frysk Undewiis)

Skriuwer: Drs. S.T.Hiemstra, ffupost@hotmail.com

Ponghâlder: Ed Knotter,

FFF - Ferbân fan Fryske Foargongers: Krúspunt

4 kear yn it jier gearkommen yn Ljouwert foar ynhâldlik en taalkundich oefenjen op Fryske preken en tema-ynliedingen

Foar it Gemeentewurkboek "Hânsume Help" is foar in lytse priis de digitale ferzje te krijen by p.hekstra@hetnet.nl

Fierljeppersbûn

www.fierljeppen.ynfo

Fries Journaal

Kroniek fan it goede leven yn Friesland, 6 kear yn it jier, www.mentismedia.nl

Fytse oer it Fryske fersepaad

De fytstochten wurde holden yn juny, july en augustus en begjinne by it Gysbert Japicxhûs yn Boalsert. Gadingmakers kinne har opjaan by it Gysbert Japicxhûs, www.gysbertjapicx.nl en ynfo@gysbertjapicx.nl

Sjoch ek Gysbert Japickshûs/Tekstwinkel

Folkshegeskoalle Skylgeralân

info@folkshegeskoalle.nl en www.folkshegeskoalle.nl

De Folkshegeskoalle organisearret alle jierren in grut tal nijsgjirrige wykeinen/wiken. Skilje om mear gegevens oer it kursusprogramma.

Sprutsen Frysk Boek

Foar elk dy't muoite hat mei lêzen, binne boeken ynsprutsen op daisy-CD's beskikber, dy't ôfdraaid wurde kinne op spesjale apparatuer.

Yn de te besteljen en te beteljen katalogus stean mear as 1.000 titels. Der binne CD's foar jong en âld. Boppedat hoecht der gjin abonnemintsjild betelle te wurden. Dat kin omdat it blinebibleteekwurk foar it grutste part troch de oerheid en fierder troch de Stichting It Fryske Boek bekostige wurdt. Ynformaasje by de Bline-bibleteek fan Ermelo, info@cbb.nl

Der is ek in sprutsen Frysk moanneblêd: "De Oanharker" mei artikels út de Fryske dei- en wykblêden en de literêre tydskriften – opjaan by Tresoar.

Friesch Dagblad

www.frieschdagblad.nl

Fryske Akademy

www.fryske-akademy.nl

